



BIJZONDERE ORGANISATIE ZOEKT BEVLOGEN NIEUWE DIRECTEUR

Ben jij de directeur die past bij een bijzondere organisatie op een unieke plek? Die betrokken, bevlogen en daadkrachtig is? En heb jij affiniteit met Terschelling, de Friese cultuur en toerisme? Laat het ons weten en solliciteer naar de functie van directeur van de Volkshegeskoalle Schylgeralân.

Wat is de Volkshegeskoalle?

Op het Friese Waddeneiland Terschelling, midden in de bossen en niet ver van het strand, ligt de Volkshegeskoalle Schylgeralân. De Volkshegeskoalle is na de Tweede Wereldoorlog opgericht als een plek voor ontmoeting, ontwikkeling en ontspanning, met wortels in de Friese gemeenschap. De Volkshegeskoalle Schylgeralân is als enige nog overgebleven volkshogeschool uniek in Nederland. Het is een plek waar mensen samenkomen, geïnspireerd raken en levenslange verbindingen maken. Mensen zijn hier welkom als individu of in een groep. Voor inspirerende cursussen en activiteiten of gewoon om te genieten van een verblijf midden in de natuur. Ons aanbod varieert van coaching en yoga tot zang en beeldhouwen. Van natuurexpedities tot zomerkampen voor kinderen. En natuurlijk activiteiten op het gebied van de Friese taal en cultuur.

Onze accommodaties zijn in stijl gebouwd op én in de bunkers van de oude Atlantikwall. Op een plek die misschien wel het mooiste plekje van Terschelling is. Daar staat ook het huis waar jij als directeur gaat wonen.

Organisatie

De organisatie is kleinschalig. We hebben in totaal 12 medewerkers in dienst en in de zomermaanden 25 medewerkers. Veel van onze medewerkers werken parttime. Als directeur ben jij verantwoordelijk voor de dagelijkse leiding van de Volkshegeskoalle. De Volkshegeskoalle kent een stichtingsvorm, het bestuur van deze stichting is eindverantwoordelijk. De directeur is werknemer van de stichting en is eindverantwoordelijk voor de integrale bedrijfsvoering op basis van het door het bestuur vastgestelde beleid. De directeur draagt bij aan de beleidsvorming en is medeverantwoordelijk voor de realisatie van de koers en doelstellingen.

Het bestuur is op dit moment bezig de verhouding tussen directeur en bestuur scherper vast te leggen, waarbij het bestuur meer op afstand bestuurt en de directeur duidelijk omschreven operationele bevoegdheden heeft om de dagelijkse leiding te voeren.





Profiel

Wij zoeken een ondernemende, creatieve leider. Met gevoel voor het specifieke karakter en de geschiedenis van de Volkshegeskoalle. Je deelt de idealen en doelstellingen van de stichting en weet deze ook commercieel te vertalen. Dat vraagt om balans tussen ondernemerschap en idealisme.

Je kunt de Volkshegeskoalle naar buiten toe op een enthousiaste manier vertegenwoordigen en voedt het bestuur met nieuwe creatieve ideeën.

Functie-eisen

- HBO werk- en denkniveau;
- Minimaal 5 jaar relevante werkervaring;
- Je hebt aantoonbare leidinggevende ervaring en bouwt vertrouwen en respect op bij alle medewerkers;
- Je hebt gevoel voor bestuurlijke zaken en bent in staat bestuurlijke besluiten om te zetten in adequate acties;
- Je hebt een helicopterview en hebt zowel oog voor het bredere organisatiebelang, als de belangen van medewerkers, relaties en gasten;
- Je hebt affiniteit met marketing;
- Je hebt goede mondelinge en schriftelijke uitdrukkingsvaardigheden en een goede beheersing van de Nederlandse en Friese taal (of de bereidheid je de Friese taal zo snel mogelijk eigen te maken).

Arbeidsvoorwaarden

- Wij bieden een salaris dat past bij de zwaarte van de functie o.b.v. een 32-urige werkweek;
- Goede secundaire arbeidsvoorwaarden zoals een pensioenregeling, laptop, telefoon, en een inspirerende werkplek;
- Een jaarcontract met de intentie om dat daarna om te zetten naar een dienstverband voor onbepaalde tijd;
- Het bewonen van de dienstwoning tegen een gereduceerde huurprijs.

Sollicitatie

Is dit jouw nieuwe uitdaging? En ben jij de ideale kandidaat? Dan komen wij graag met je in contact middels je cv en een motivatiebrief. Reageren kan tot en met 11 juli 2023. De eerste gesprekken vinden plaats op vrijdag 14 juli 2023. Eventuele tweede gesprekken worden in de week van 17 juli 2023 gepland. Je kunt je reactie sturen naar info@prohrconsultancy.nl.

Bij vragen of voor meer informatie over het werken bij ons kun je contact opnemen met onze collega Rianne Wijnia a.i. HR-adviseur. Zij is telefonisch te bereiken via 06-14513868.

**Meer weten over de Volkshegeskoalle?
Kijk op www.folkshegeskoalle.nl**



Wij zijn ook te vinden op social media!



BYSÛNDERE ORGANISAASJE SIKET BESIELE NIJE DIREKTEUR

Bisto de direkteur dy't past by in bysûndere organisaasje op in unyk plak? Dy't belutsen, besiele en krêftdiedich is? En hasto affiniteit mei Skylge, de Fryske kultuer en toerisme? Lit it ús witte en sollisitearje nei de funksje fan direkteur fan de Volkshegeskoalle Schylgeralân.

Wat is de Volkshegeskoalle?

Op it Fryske Waadeilân Skylge, midden yn de bosken en net fier fan it strân, leit de Volkshegeskoalle Schylgeralân. De Volkshegeskoalle is nei de Twadde Wrâldoarloch oprjochte as plak foar moeting, ûntwikkeling en ûntspanning, mei woartels yn de Fryske mienskip. De Volkshegeskoalle Schylgeralân is as iennichste noch oerbleaune folkshegeskoalle unyk yn Nederlân. It is in plak dêr't minsken byinoar komme, ynspirearre reitsje en libbenslange ferbiningen meitsje. Minsken binne hjir wolkom as yndividu of yn in groep. Foar ynspirearjende kursussen en aktiviteiten of gewoan om te genietsjen fan in ferbliuw midden yn de natuer. Us oanbod fariearret fan coache en yoga ta sjonge en byldhouwe. Fan natuer-ekspedysjes oant simmerkampen foar bern. En fansels aktiviteiten op it mêd fan de Fryske taal en kultuer.

Us akkommodaasjes binne yn styl boud op én yn de bunkers fan de âlde Atlantikwall. Op in plak dat miskien wol it moaiste plakje fan Skylge is. Dêr stiet ek it hûs dêr'tsto as direkteur wenje silst.

Organisaasje

De organisaasje is lytsskalich. Wy hawwe mei-inoar 12 minsken yn tsjinst en yn de simmermoannen 25 minsken. In soad fan ús meiwurkers wurkje parttime. As direkteur bisto ferantwurdlik foar de deistige lieding fan de Volkshegeskoalle. De Volkshegeskoalle hat in stichtingsfoarm, it bestjoer fan dy stichting is einferantwurdlik. De direkteur is wurknimmer fan de stichting en is einferantwurdlik foar de yntegrale bedriuwsfiering op basis fan it troch it bestjoer fêststelde belied. De direkteur draacht by oan de beliedsfoarming en is mei ferantwurdlik foar de realisasje fan de koers en doelstellingen.

It bestjoer is op dit stuit dwaande de ferhâlding tusken direkteur en bestjoer skerper fêst te lizzen, dêr't it bestjoer mear op ôfstân by bestjoert en de direkteur dúdlik omskreaune operasjonele foegen hat om de deistige lieding te fieren.



Profyl

Wy sykje in ûndernimmende, kreative lieder. Mei gefoel foar it spesifike karakter en de skiednis fan de Volkshegeskoalle. Do dielst de idealen en doelstellingen fan de stichting en wilst dy ek kommersjeel om te setten. Dat freget om balâns tusken ûndernimmerskip en idealisme.

Do kinst de Volkshegeskoalle nei bûten ta op in entûsjaste wize fertsjintwurdigje en bringst it bestjoer nije kreative ideeën.

Funksje-easken

- HBO wurk- en tinknivo;
- Minimaal 5 jier relevante wurkûnderfining;
- Do hast oantoanbere liedingjaande ûnderfining en boust betrouwen en respekt op by alle meiwurkers;
- Do hast gefoel foar bestjoerlike saken en bist yn steat bestjoerlike besluten om te setten yn adekwate aksjes;
- Do hast in helikopterblik en hast sawol each foar it bredere organisaasjebelang, as de belangen fan meiwurkers, relaasjes en gasten;
- Do hast affiniteit mei marketing;
- Do kinst dy mûnling en skriftlik goed útdrukke en hast in goede behearsking fan de Nederlânske en Fryske taal (of de reewilligens dy de Fryske taal sa gau mooglik eigen te meitsjen).

Arbeidsbetingsten

- Wy biede in salaris dat past by de swierte fan de funksje o.b.f. in 32-oerige wurkwike;
- Goede sekundêre arbeidsbetingsten lykas in pensjoenregeling, laptop, telefoan, en in ynspirearjend wurkplak;
- In jierkontrakt mei de yntinsje om dat dêrnei om te setten nei in tsjinstferbân foar ûnbepaalde tiid;
- It wenjen yn de tsjinstwenning tsjin in reducearre hierpriis.

Sollisitaasje

Is dit dyn nije útdaging? En bisto de ideale kandidaat? Dan komme wy graach mei dy yn kontakt troch dyn cv en in motivaasjebrief. Reagearje kin oant en mei 11 july 2023. De earste petearen binne op freed 14 july 2023. Eventuele twadde petearen wurde pland yn de wike fan 17 july 2023. Kinst dyn reaksje stjoere nei info@prohrconsultancy.nl.

By fragen of foar mear ynformaasje oer it wurkjen by ús kinst kontakt opnimme mei ús kollega Rianne Wijnia a.i. HR-adviseur. Sy is telefoanysk te berikken op 06-14513868.

**Meer weten over de Volkshegeskoalle?
Kijk op www.folkshegeskoalle.nl**



Wij zijn ook te vinden op social media!

